

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje.
Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him of har mei Fryslân ferbûn fielt.

Omrop Fryslân siket in

FREELANCE SJOERNALIST

Bisto de kollega dy't wy sykje?

As freelance sjoernalist bist op de hichte fan de feiten en achtergrûnen fan aktuele en maatskiplike ûntwikkelingen yn en oangeande Fryslân. Do hâldst fraachpetearen, leist fêst wat bart, makkest ferhalen foar ferskate platfoarms en dochst live ferslach. Nimst diel oan it redaksje-oerlis en dochst foarstellen oer de gearstalling fan útstjoeringen en bepaalt mei watfoar ûnderwerpen yn de beneaming komme foar yn de útstjoeringen. Dêrneist fynst it net slim om yn wikseljende tsjinsten te wurkjen, ek yn it wykein.

Fierdere taken:

- Sammelje en selektarje fan it nijs en sport.
- Underwerpen redigearje en montearje ta in "útstjoerklear" produkt.
- Tariese fan ynterviews.
- Skriuwe fan berjochten foar radio, telefyzje en ynternet.

Wat hast yn hûs?

- Do beskikst oer in sjoernalistike hbû-oplieding.
- Dyn algemiene ûntwikkeling is breed.
- Do hast goede kontaktuele eigenskippen.
- Do praatst floeiend Frysk. Frysk skriuwe is in pree.
- Do hast kennis en ûnderfining mei Dalet en/of Smarttrack.
- Do hast ûnderfining mei it draaien as kamjo en/of mojo.

Hast ûndersteande feardichheden?

- Do bist profesjoneel.
- Do hâldst fan oanpakke en kinst yn teamferbân wurkje.
- Do bist entûsjast en inisjatyfryk.
- Do bist fêsthâldend en by steat om op taktfolle wize oare minsken te oertsjûgjen.

Wa binne wy?

Mei meiwurkers fan alle ôfdielingen en stakeholders is de ôfrûne tiid yntinsyf gearwurke oan in nije misje, fyzje en strategy. It nije strategysk plan 'Kom Fierder' stiet de kommende jierren sintraal mei trije pylders, te witten: Ferhalen, Publyk en Technyk. Der is in nije wurkwize formulearre, dêrby stiet de eigen ferantwurdlikheid fan de meiwurkers, selsstannich en profesjoneel wurkje foarop.

Wat krigesto fan ús?

- Ynset en prestaasje wurde beleanne mei in passend taryf ôfstimd op wurkûnderfining.

Wurdsto ús nije kollega? Wachtsje net langer en sollisitearje op dizze fakatuere.

Hast fragen, nim dan kontakt op mei Ingrid Spijkers, haadredakteur, fia ingrid.spijkers@omropfryslan.nl.

Stjoer dyn motivaasje (yn hokker foarm dan ek) nei Fokelina de Boer, haad P&O, fia P&O@omropfryslan.nl.